



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Wat betsjut Aldfrysk thes knapa ield

Vries, O.

published in

Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk
2017

document version

Publisher's PDF, also known as Version of record

document license

CC BY-NC-SA

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Vries, O. (2017). Wat betsjut Aldfrysk thes knapa ield. *Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk*, 66, 113-121.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

Wat betsjut Aldfrysk *thes knapa ield*?

Oebele Vries

Zusammenfassung

Bis vor kurzem wurde die altfriesische Kollokation thes knapa ield (wortwörtlich ‘des Knappen Geld’), die lediglich zweimal, und zwar in nahezu völlig parallelen Rechtstexten zum Thema ‘Wergeld von Geistlichen’, belegt ist, allgemein als ‘das Wergeld des Mannes’ gedeutet. Neulich hat jedoch Nijdam, Autor einer grundlegenden Dissertation zum Thema Altfriesische Bußtaxen, aufgrund der Behauptung, dass afr. knapa nicht ‘Mann’, sondern ‘Knecht’ bedeute, und weiterhin anhand des Kontextes, die abweichende Deutung ‘das Wergeld des Knechts, d.h. des Unfreien’ vorgeschlagen, welche allerdings lediglich möglich ist, falls in den beiden Texten ein – nicht genau zu bestimmendes – Zahlwort weggelassen wurde.

Im vorliegende Aufsatz wird gezeigt, dass Vieles darauf hinweist, dass das Nomen knapa im Altfriesischen durchaus auch ‘Mann’ bedeuten kann, während auch der Kontext, der sich anhand von mehreren zusätzlichen Quellen besser als bisher erklären lässt, eine Emendation keinesfalls notwendig macht. Die von Nijdam vorgeschlagene Deutung des Textes kann somit nicht, oder lediglich unter größtmöglichem Vorbehalt, in der Debatte über die Ständestruktur im mittelalterlichen Friesland herangezogen werden.

1. Ynlieding

It begryp *thes knapa ield* is yn it corpus fan Aldfryske teksten net faker as twaris attestearre. Eins komt it derop del dat it mar ien kear oerlevere is, want it stiet yn twa frijwol gelike ferzjes fan deselde tekst. It is yn it foarste plak te finen yn it hânskrift H1/H2 (Earste en Twadde Hunsinger Kodeks) en wol yn in stikje tekst dat diel liket út te meitsjen fan de Hunsinger Boetetaksen. Neffens Nijdam, de kenner by útstek fan de tizeboel oan midsiuwske Fryske boeteregisters, giet it lykwols earder om in op himsels steande koarte tekst.¹ Argumint dêrfoar binne de gruttere inisjaal by it begjin fan dat stikje tekst sa’t dat yn it hânskrift stiet, en op ‘e nij in gruttere inisjaal by it begjin

1. J.A. Nijdam, *Lichaam, eer en recht in middeleeuws Friesland. Een studie naar de Oudfriesse boeteregisters. Deel 2: Analyse van de Oudfriesse boeteregisters* (Hilversum 2008) 411 (noat 17).

fan de dêrop folgjende post, dy't dúdlik wól ta de boetetaksen heart. De paralleltekst stiet yn it hânskrikt F (Fivelgoer Hânskrikt). De kontekst is dêr oars as yn H1/H2, wat der ek op liket te tsjuten dat wy útgean kinne fan in op himsels steande koarte tekst. It oanbelangjende stikje tekst ferhellet oer in oan kening Karel (Karel de Grutte) taskreaune hanneling, nammentlik it fêststellen fan wearjilden, yn it bysûnder fan de geastliken. Dêrby hinget de hichte fan it wearjild fan de geastliken ôf fan har wijingsgraad (dêr binne sân fan).

No is it sa dat Nijdam ek noch op 'e tried kommen is mei in nije oersetting fan it hjir te besprekken begryp.² Yn it neifolgjende wol ik besykje om nei te gean oft dy yndie better is as de tradisjonele.

2. De tradisjonele oersetting

De tekst yn it hânskrikt H1/H2 is neffens de krityske edysje fan Buma en Ebel as folget:³

*Tha ma ther alle ferna machte mitha fia fella, tha sette thi kenig Kerl **thes knapa ield** bi scillingum: enes frimones bi hunder scillingum, thera fiver vielsena alra ec bi tuam hunderd scillingum, <thes subdyacones ield bi thrim hunderd scillingum>, thes dyacones ield bi fiwer hunderd skillengum, thes presteres ield bi sex hunderd scillingum. (...)*

De tekst yn it hânskrikt F is neffens deselde tekstútjouwers sa:⁴

*Tha ma alle firna mith fia machte fella, tha sette thi kening Kerle **thes knapa ield** bi scillingum. Enes freymonnis bi hundert scillingum. Tha fior wielsan allerec <bi> twam hundert scillingum. Theis subdyakenes ield bi ccc scillingum. Theis dyakenes ielt bi fior hundert scillingum. Theis presters ield bi sex hundert scillingum ende achte werf to betane. (...)*

De tekst fan H1/H2 wurdt troch Buma en Ebel as folget oerset (de oersetting fan it begryp *thes knapa ield* yn fet):⁵

2. Ibidem.

3. W.J. Buma & W. Ebel (ed.), *Das Hunsingoer Recht*. Altfriesische Rechtsquellen 4 (Göttingen 1969) 74. It stikje tekst tusken guozzefuotsjes (<... >) is oanfolle op basis fan de ferzje yn F. It ferfolch fan de tekst is hjirre weilitten, lykas ek de oantekeningen fan de tekstútjouwers.

4. W.J. Buma & W. Ebel (ed.), *Das Fivelgoer Recht*. Altfriesische Rechtsquellen 5 (Göttingen 1972) 138. Opfallend is it ferskil yn ynterpunksje tusken de beide tekstedysjes, dy't foar de ynterpretaasje fan de ynhâld lykwols neat útmakket.

5. Buma & Ebel, *Das Hunsingoer Recht*, 75.

Als man alle Verbrechen mit Geld sühnen konnte, da setzte König Karl **das Wergeld des Mannes** in Schillingen fest: (das Wergeld) eines Freien zu hundert Schillingen; (das Wergeld) der Geistlichen, die eine der ersten vier Weihen empfangen haben, je zu zweihundert Schillingen; das Wergeld eines Subdiakons zu dreihundert Schillingen; das Wergeld des Diakons zu vierhundert Schillingen; das Wergeld eines Priesters zu sechshundert Schillingen.

De oersetting fan de tekst fan F is sa goed as gelyk oan dy fan H1/H2.⁶ De lêste fiif wurden, dy't yn de ferzje fan H1/H2 net foarkomme, wurde as folget oerset: "und (man hat ihm) eine achtfache Buße zu zahlen". De tekst fan F wie krekt earder al fierhinne gelyk oerset troch Sjölin.⁷

3. Nijdam syn oersetting

Nijdam set it begjin fan de hjirboppe oanhelle tekst yn H1/H2 as folget oer (de oersetting fan it begryp *thes knapa ield* wer yn fet):

Toen men alle vergrijpen met geld mocht vergoeden, toen stelde koning Karel **het weergeld van een knecht / onvrije** op [...] schellingen.⁸

Dêr jout er (yn de dêrby hearrende noat) de folgjende taljochting by:

In het tekstje is overigens een bedrag weggefallen, door mij hierboven aangegeven met '[...]'. Dit is nog niemand opgefallen en de passage wordt dan ook verkeerd vertaald in Buma en Ebel, *Das Hunsingoer Recht*, 75 [folget oersetting Buma/Ebel]. Het Oudfriese *knapa* betekent echter 'knecht' en niet 'man'. Dat blijkt ook uit het vervolg van de tekst: na het weergeld voor een *knapa* wordt namelijk het weergeld voor een *frimon* 'vrije man' gegeven, gevolgd door de weergelden van een priester, waarbij een differentiatie naar de verschillende wijdingen wordt gemaakt. Dezelfde omissie van het bedrag en overeenkomstige vertaalfout door de editors zijn te vinden in de parallelle tekst in Codex Fivelgo (F XI, 10) [folget ferwizing nei de edysjes fan Sjölin en Buma/Ebel].

Nijdam wol de tekst fan de oanhelle passaazje dus emendearje: tusken *bi* en *scillengum* soe neffens him noch in wurd stien ha en wol in telwurd dêr't it bedrach fan it weatjild fan de *knapa* mei oanjûn waard. Hy jout dêr twa

6. Buma & Ebel, *Das Fivelgoer Recht*, 139.

7. B. Sjölin, *Die "Fivelgoer" Handschrift. I: Einleitung und Text*. Oudfriese Taal- en Rechtsbronnen 12 (Den Haag 1970) 333.

8. Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, dl. 2, 411.

arguminten foar. It earste is dat Aldfrysk *knapa* net ‘man’ betsjut, mar ‘knecht’, dat er yn syn oersetting ynterpretearret as ‘ûnfrije’. It twadde is dat nei it wearjild fan de *knapa* it wearjild fan de frije opjûn wurdt.

De tekst kriget troch Nijdam syn emendaasje – mei as gefolch in oanpaste oersetting – in hiel oare betsjutting as yn de tradisjonele oersetting. Neffens de tradisjonele soe de tekst ynhâlde dat kening Karel it wearjild fan de man fêststeld hat, wêrnei’t spesifisearre wurdt hoe heech oft it wearjild fan de frije wie (hûndert skellingen) en dat fan de geastliken, yn it lêste gefal differinsjearre nei wijingsgraad (fan twahûndert skellingen oprinnend nei seishûndert). Neffens Nijdam is it sa dat kening Karel earst de hichte fan it wearjild fan de ûnfrije fêststelt, dan dat fan de frije en dêrnei dat fan de geastliken. It wearjild fan de ûnfrije soe dan wol ris, sa soe ik oanfolje wolle, it heale wearjild fan de frije, dus fyftich skellingen, west ha kinne.

Oant no ta hat ien auteur him útsprutsen oer Nijdam syn emendaasje: Noomen. Dy pleatst him sûnder foarbehâld achter dy syn ynterpretaasje: “De juiste tekst reconstrueerde Han Nijdam, *Lichaam*, deel II, p. 411”.⁹ Mei op basis fan de emendearre tekst konkludearret Noomen dan dat der (ek) yn de tiid tusken de folle midsiuwen en de fyftjinde iuw, dat wol sizze de tiid dêr’t dizze tekst út stamme sil, yn de Fryske lannen sprake west hat fan in trijeliddige stannestruktuer, besteande út eallju, húslju/frijen en ‘knechten’. Hy sjocht dy ‘knechten’ lykwols net as ûnfrijen (de eardere *liti* of *letslachta*), mar as hearrend ta in groep dy’t – sûnder as ûnfrij te jilden – ‘ûnder’ de einierden, dat wol sizze de frijen, stie.¹⁰

4. De betsjutting fan *knapa* neffens it âldere ûndersyk

Wêr’t it no om giet, is oft der yn de hjir besprutsen tekst yn H en F echt in emendaasje nedich is. Dêrby draait it om de fraach oft *knapa* yn it Aldfrysk yndied nét ‘man’ betsjutte kin, lykas Nijdam postulearret. Wat wurdt dêr yn de âldere literatuer en de wurdboeken fan it Aldfrysk oer sein? Von Richtigofen jout yn syn wurdboek mar leafst trije betsjuttingen fan *knapa* (of eins sels fjouwer, want ûnder 2 wurde yn feite twa betsjuttingen beflapt): 1) knabe, junge; 2) unverheiratheter mann, mann; 3) knecht. Nijdam hat dus net gelyk dat *knapa* inkeld mar ‘knecht’ betsjutte kin en dêr komt noch by dat Von Richtigofen ek de betsjutting ‘man’ opjout. Wat dat lêste oanbelanget, docht út de troch him opfierde sitaten lykwols bliken dat Von Richtigofen dy

9. P. Noomen, ‘Eigenerfd of edel? Naar aanleiding van de afkomst van de Aytta’s’, *It Beaken* 74 (2012) 257-301, 269.

10. *Ibidem*, 270. Noomen bedoelt hjirre mei groep sa’t it liket itselde as stân.

betsjutting allinnich mar basearret op ‘e atestaasje *thes knapa ield* (troch him oerset as ‘wergeld eines mannes’) yn de hjir besprutsen tekst.¹¹

Van Helten set *knapa* yn deselde atestaasje lyksa oer mei ‘man’.¹² Oars as Von Richthofen jout er dêrby ek in taljochting: “Die ansetzung dieser auch durch mnl. belege bezeugten bedeutung ist geboten, weil dem zusammenhang zufolge keine der anderen bedeutungen des nomens an unserer stelle passend erscheint.” Van Helten is dus fan betinken dat de kontekst gjin oare betsjutting fan *knapa* talit as ‘man’, der dêrby op wizend dat dy betsjutting ek yn Middelnederlânske atestaasjes te finen is. Fierders jout er oan, mar op in oar plak, dat *knapa* ek noch de betsjutting ‘soan’ ha kin.¹³

Opfallend is dat yn de lettere wurdboeken fan it Aldfrysk de betsjutting ‘soan’ wól resipiearre is, mar de betsjutting ‘man’ net mear neamd wurdt, sûnder dat dúdlik is hoe’t dat komt. Sa fine wy by Holthausen foar *knapa* de betsjuttingen ‘Knabe, Junge; Sohn; junger unverheirateter Mann; Knecht’, by Nauta ‘knaap, jonge man, zoon, knecht’ en by Hofmann en Popkema krektgelyk deselde betsjuttingen as by Holthausen.¹⁴ Opfallend is noch dat Sjölin, dy’t *knapa* oerset mei ‘man’, yn it wurdboek by syn tekstútjefte as betsjutting net, yn oansluting by syn oersetting, ‘Mann’, mar ‘junger, unverheirateter Mann’ opjout.¹⁵

De iennichste auteur dy’t de betsjutting ‘man’ yn de besprutsen tekst motivearret, is Van Helten. As argumint neamt er, neist de kontekst, Middelnederlânske atestaasjes. It Middelnederlânsk wurdboek jout yndied as ien fan de betsjuttingen fan *cnape* op: ‘man in het algemeen’.¹⁶ Oan de dêr jûne foarbylden kin ek noch ien tafoege wurde út in foar in Fryske stêd (Starum) ornearre oarkonde fan Albrecht fan Beieren, greve fan Hollân, fan 1401: *beveelen en oirloven mit desen brieve, dat sy vier goede Knaben van horen Medepoirteren setten, ende ordineren sullen (...)*.¹⁷ De betsjutting

11. K. von Richthofen, *Altfriesisches Wörterbuch* (Göttingen 1840) s.v. *knapa*, *knappa*.

12. W.L. van Helten, *Zur lexicologie des altostfriesischen* (Amsterdam 1907) 106.

13. Ibidem, 203.

14. F. Holthausen, *Altfriesisches Wörterbuch* (Heidelberg 1925) s.v. *knapa*; G.A. Nauta, *Oudfriesche woordenlijst* (Haarlem 1926) s.v. *knapa*; D. Hofmann & A.T. Popkema, *Altfriesisches Handwörterbuch* (Heidelberg 2008) s.v. *knapa*, *kneppa*.

15. B. Sjölin, *Die “Fivelgoer” Handschrift. II. Namenregister, Glossar, synoptische Übersicht*. Oudfriese Taal- en Rechtsbronnen 13 (Den Haag 1975) s.v. *knapa*.

16. E. Verwijs & J. Verdam, *Middelnederlandsch Woordenboek* (’s-Gravenhage 1895-1929) s.v. *cnape*.

17. G.F. thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg (ed.), *Groot Placaat en Charterboek van Vriesland*, 6 dln. (Leeuwarden 1768-1795), dl. I, 329.

‘man’ mist lykwols yn de wurdboeken fan it Middelleechdútsk.¹⁸ Dat lêste soe in argumint wêze kinne om it begryp *knapa* yn de hjir besprutsen Easterlauwerske teksten, dêr’t beynfloeding troch it Middelnederlânsk minder yn ‘e reden leit as yn Westerlauwerske (Van Helten hâldt dêr gjin rekken mei), dochs net samar as ‘man’ oer te setten.

5. De betsjutting ‘knecht’

It wurd *knapa* mei yn it Aldfrysk dan mear as ien betsjutting ha, fêst stiet dat ‘knecht’ dêr ien fan is. Mar wat wurdt mei in ‘knecht’ dan krekt bedoeld? Bliken docht dat it gean kin om in tsjinstfeint of om in ûnfrije. In foarbyld fan it earste gefal is te finen yn it folgjende sitaat: *Jef het cumpth fan knapa, fan famna, fan hunda, fan katta jefta van onieriga kijnden, thet thet huus werde a branda* (‘Wenn es von einem Knecht, einer Magd, einem Hunde, einer Katze oder von unmündigen Kindern geschieht, daß ein Haus in Brand gerät’).¹⁹ In foarbyld fan de twadde betsjutting komme wy tsjin yn it tsiende fan de Fjouwerentweintich Lânrojchten en wol yn de ferzje fan it hânskrift Jus: *Hweer soe ma ene bannethe op enes mannes scalk ief knapa werpth* (‘Wenn man eine Totschlagsklage gegen den Knecht oder Diener eines Mannes erhebt’).²⁰ Fansels falt op dat Buma en Ebel yn har oersetting fan dit sitaat oan *knapa* ek wer de betsjutting ‘tsjinstfeint’ takenne. Sjogge wy nei de oare ferzjes fan it tsiende Lânrojcht, dan wurdt lykwols dúdlik dat hjirre mei *knapa*, lykas mei *scalk*,²¹ sûnder mis net in tsjinstfeint, mar in ûnfrije bedoeld wurdt. Ynstee fan *enes mannes scalk ief knapa* stiet yn de Riustringer ferzje nammentlik *ena eina monne* (‘in eigen man’, d.w.s. in ûnfrije) en yn de Latynske ferzje út H *unius uiri seruum*, grif de oersetting fan Aldfrysk *enes monnes scalk* of *enes monnes knapa*.²²

18. Sjoch ek *Deutsches Rechtswörterbuch. Wörterbuch der älteren deutschen Rechts-sprache* (Weimar 1914 ff.) s.v. *Knappe*.

19. W.J. Buma, W. Ebel & M. Tragter-Schubert (ed.), *Westerlauwerssches Recht I. Jus Municipale Frisonum*. *Altfriesische Rechtsquellen* 6 (Göttingen 1977) 528 (oersetting: 529).

20. *Ibidem*, 158 (oersetting: 159).

21. Sjoch ek W.J. Buma, *Vollständiges Wörterbuch zum westerlauwersschen Jus Municipale Frisonum* (Leeuwarden 1996) s.v. *scalk*. Sjoch foar *scalk* no ek: C. Giliberto, ‘Old Frisian *skalk*: A ‘Servant’ or a ‘Rogue’?’, in: S. Laker & M. de Vaan (eds.), *Frisian through the Ages. Festschrift for Rolf H. Bremmer Jr.* *Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik* 77 (2017) 117-145.

22. K. von Richthofen, *Friesische Rechtsquellen* (Berlin 1840) 58-59 (seis ferzjes yn paralleldruk).

Dat mei *ain mon* in ûnfrije bedoeld wurdt, is ûnomstriden. Dy betsjutting lit him moai yllustrearje mei it folgjende sitaat: *hwersa en fri wif nimth enne eynene mon* ('wenn ein freies Weib einen leibeigenen Mann nimmt').²³ Opfallend is dat yn de út in Latynsk prosesbânboekje oersetste tekst *Foerdgungh des riuchtis* in pear kear sprake is fan in *ayn knapa*, lykas yn dit sitaat: *Manichfaelda seka vrbyadet anne mon redesmon tho wesa; det quade hluet and een ayn knapa, een blynd mon (...)* ('Mancherlei Umstände verbieten einem Manne, Rechtsbeistand zu sein: ein schlechter Ruf, und (wenn er) ein unfreier Knecht, ein blinder Mann (...) (ist)').²⁴ By ferliking mei de Latynske grûntekst docht bliken dat *een ayn knapa* de oersetting is fan Latynsk *servus*, de gongbere oantsjutting fan in ûnfrije.²⁵ It liket der dan ek sterk op dat *een ayn knapa* itselde is as *een ayn mon*. Yn dat gefal soe *knapa* dan dus ek hjirre 'man' betsjutte en net 'knecht' en soe 'ein unfreier Mann' in better oersetting wêze as 'ein unfreier Knecht'.²⁶ In tautologyske oersetting kin lykwols net alhiel útsletten wurde.

6. *Besibbe teksten*

De fraach kin noch steld wurde oft de troch Nijdam idintifisearre tekst yn H (en F) wol folslein op himsels stiet. Mochten der noch mear ferzjes wêze, dan soe dat faaks mear ljocht smite kinne op 'e betsjutting fan *knapa* yn de ûndersochte tekst. By neier ûndersyk docht bliken dat der yndied besibbe teksten oanwiisd wurde kinne.

Yn R1 (Earste Riustringer Hânskrift) komme wy in tekst tsjin dy't fan Buma en Ebel it opskrift 'Die Rüstringer Priesterbußen' meikrige hat.²⁷ Yn dat wat langere stik wurdt ûnder mear ek ferhelle dat kening Karel it wearjild fan de preesters ynsteld hat: *Efter thessa fretha tha sette thi kinig Kerl thera pretera ield* ('Nach diesem Friedensgeld setzte König Karl das Wergeld der Priester fest'). Dêrnei folget wer in differinsjaasje neffens de sân wijingsgraden. Yn dit gefal is it wearjild fan de earste fyf (en net

23. W.J. Buma & W. Ebel (ed.), *Das Rüstringer Recht*. Altfriesische Rechtsquellen 1 (Göttingen 1963) 136 (oersetting: 137).

24. W.J. Buma & W. Ebel (ed.), *Das Emsiger Recht*. Altfriesische Rechtsquellen 3 (Göttingen 1967) 234 (oersetting: 235). Ek yn Codex Aysma: W.J. Buma, P. Gerbenzon & M. Tragter-Schubert (ed.), *Codex Aysma. Die altfriesischen Texte* (Assen/Maastricht 1993) 444 (oersetting: 445).

25. A. Wunderlich (ed.), *Joannis Andreae Summula de Processu Iudicii* (Basileæ 1840) 5.

26. Foar lêstneamde oersetting kiest ek Von Richthofen, *Altfriesisches Wörterbuch*, s.v. *knapa, knappa*.

27. Buma & Ebel, *Das Rüstringer Recht*, 94, 96 (oersetting: 95, 97).

fjouwer) wijingen like heech en binne allinnich dy fan de sechste en sânde heger. De hichte fan de wearjilden wurdt ek hjirre útdrukt yn skellingen, mar de neamde bedraggen wike ôf fan dy yn de besprutsen tekst yn H en F: foar de earste fiif wijingsgraden tolveris 36 skellingen, foar de sechste fyftjinris 36 skellingen en foar de sânde likefolle as foar de oaren mei-inoar. In ôfwiking fan de teksten yn H en F is fierders dat yn dy út R1 it wearjild fan de frije (en fan de *knapa*, as wy Nijdam folgje), oars sein it wearjild fan de net-geastliken, nét opjûn wurdt. Dêr is lykwols maklik in ferklearring foar te jaan: it giet om it ferskil yn de wearjilden fan de ûnderskate wijingsgraden fan de geastliken, dêr't it wearjild fan de net-geastliken net perfoarst foaroerset hoecht te wurden.

In opjefte fan 'Priesterbußen', lyksa differinsjearre neffens de sân wijingsgraden, fine wy ek noch yn in oare tekst, dy't yn twa rjochtshânskriften (E1 [Earste Emsinger Hânskrift] en ek wer H) foarkomt.²⁸ Dêr wurdt wol net praat fan kening Karel en is ynstee fan wearjilden sprake fan boeten, mar fierders is de oerienkomst mei de hjir besprutsen tekst dochs wol hiel grut. It is nammentlik sa dat de bedraggen fan de boeten yn de teksten yn E1 en H folslein gelyk binne oan dy fan de wearjilden yn de besprutsen tekst yn H en F: twahûndert skellingen foar de earste fjouwer wijingen, trijehûndert foar de fyfte, fjouwerhûndert foar de sechste en seishûndert foar de sânde. Lykas yn R1 wurdt ek hjirre it wearjild (c.q. boete) fan de geastliken net ferlike mei dat fan de net-geastliken.

Sjoen it boppesteande kinne wy der fan útgean dat de besprutsen tekst yn H en F ien fan de ferzjes fertsjintwurdiget fan in oarspronklike tekst oer it wearjild fan de sân wijingsgraden fan geastliken. Dêr kinne dus ek noch mear ferzjes fan oanwiisd wurde en wol yn R1, E1 en jitris H. Yn de hjir besprutsen tekst yn H en F en ek yn dy yn R1 is de opjefte fan de wearjilden fan de geastliken oanklaaid mei it ferhaal dat se fêststeld binne troch kening Karel, wylst allinnich yn de tekst yn H en F ek it wearjild fan net-geastliken opjûn wurdt.

Yn 1323 binne de Wilkerren fan de Opstalsbeam opsteld. Wy sjogge dat ek dêryn ûnderskie makke wurdt tusken it wearjild fan net-geastliken en dat fan geastliken. Yn kêst 12 giet it oer it earste fan dy beiden, dat fersân-fâldige, yn kêst 13 oer it twadde, dat fertsienfâldige wurdt.²⁹ Fan belang is dat de net-geastliken, dy't yn kêst 12 as 'leken' oantsjut wurde, nét ûnder-

28. Buma & Ebel, *Das Emsiger Recht*, 50 (oersetting: 51); Buma & Ebel, *Das Hunsingoer Recht*, 108, 110 (oersetting: 109, 111).

29. H.D. Meijering, *De Willekeuren van de Opstalsboom (1323). Een filologisch-historische monografie* (Groningen 1974) 40-43.

skaat wurde yn twa of mear kategoryen, dus net yn frijen en ‘knechten’ en faaks ek noch eallju. Dat makket it wol hiel oannimlik dat der ek yn de hjir besprutsen tekst yn H en F fan it meitsjen fan sa’n ûnderskie gjin sprake is.

As lêste noch dit. De wenstige omskriuwing fan it begryp ‘wearjild’ yn Aldfryske teksten is *ield*, wylst dat yn Leechdútske teksten út Easterlauwersk Fryslân *mangeld* is.³⁰ No komt ek yn it Westerlauwerske hânskrift Jus inkelde kearen de oantsjutting *mannis jeld* foar.³¹ Nei alles wat wy hjirfoar sjoen ha, sil it wol net te fier socht wêze om te ûnderstellen dat *thes knapa ield* dêr in synonym fan is. Dat soe dan wer betsjutte dat *knapa* yn dy ferbining dochs wol as ‘man’ ynterpretearre wurde kin.

7. Konklúzje

Nijdam hat gelyk as er konkludearret dat de troch him besprutsen tekst yn H net ûnderdiel is fan de Hunsinger boetetaksen, mar in tekst op himsels foarmet. Dêr kin by oanfolle wurde dat dat noch folle oertsjûgjender bewiisd wurdt troch it feit dat in tal oare teksten oanwiisd wurde kin dy’t oan dy tekst besibbe binne.

Nijdam giet lykwols grif te fier as er dy tekst emendearje wol. De earste troch him dêrfoar oanfierde reden, nammentlik dat it wurd *knapa* inkeld ‘knecht’ betsjut en net ‘man’, kin net stânhâlde. It hat der boppedat in soad fan dat, al kin it definitive bewiis net levere wurde, ek de betsjutting ‘man’ mooglik is. De kontekst, de twadde troch Nijdam neamde reden, jout, as men sjocht nei de besibbe teksten, ek perfoarst gjin oanlieding om de betsjutting ‘man’ yn it oanbelangjende sitaat út te sluten. Al mei al kin de konklúzje lutsen wurde dat it begryp *thes knapa ield*, lykas *mannes jeld*, nei alle gedachten neat oars oantsjut as ‘wearjild’ (‘wear’ betsjut nammers ek ‘man’).

Dat alles hat noch in konsekwinsje: de oanbelangjende tekst kin nét of allinnich mar ûnder it aldergrutst mooglike foarbehâld brûkt wurde om de teze fan kontinuïteit yn de stannestruktuer yn de midsiuwske Fryske lannen mei te ûnderbouwen.

Fryske Akademy
Ljouwert

30. D.J. Henstra, *The evolution of the money standard in medieval Frisia. A treatise on the history of the systems of money of account in the former Frisia (c.600 - c.1500)* (Groningen 2000) 265.

31. Buma, Ebel & Tragter-Schubert, *Westerlauwersches Recht I*, 412, 470.